

Tekst: Maaïke Graafsma (Stenden Hogeschool, Leeuwarden)
Oersetter: Sibbele en Geartsje Witteveen (Meiwurkers Mar&Klif)
Einredakteur: Janny Bottema

It túntsje en it kompostfabryk

It is moandeitemoarn healwei achten. De mem fan Joris ropt: “Wekker wurde Joris!”

Joris moat wer nei skoalle ta, mar hy hat der gjin sin oan. Hy giet dochs mar fan bêd ôf, want as hy te let is krijt hy straf fan meester en dat wol hy ècht net. Nei it oanklaaien en it iten seit hy: “Goeie mem, oant fanmiddei,” en hy stapt op 'e fyts.

As Joris by skoalle komt giet de belle. “Krekt op 'e tiid gelokkich,” tinkt Joris. Hy triuwt syn fyts yn it fytserek en draaft gau de klasse yn. Meester Bas begjint de dei mei in nijtsje. “Hjoed krije wy besite fan in túnker. Wit ien fan jim wat dat is?” Barbara, it knapste famke fan de klasse, stekt har finger op. “Dat is ien dy't griente en fruit ferbout.” Fansels hat Barbara it hielendal goed, want sy wit alles. Meester Bas fertelt dat de túnker nei it skoft komt. Wat hy krekt dwaan sil is noch in ferrassing. Joris wurdt no dochs wol in bytsje nijsgjirrich. Hy begint hurd mei syn rekkenwurk, want as er it net ôf hat, mei hy miskien net meidwaan fanmiddei.

Nei it skoft is it dan einlings safier. Foar de klasse stiet in grutte man yn griene klean mei in skeppe yn 'e hân. Syn namme is Jan en hy is gek op de natuer. De man begjint te fertellen en Joris fynt it geweldich. De túnker fertelt oer syn berop: it ferbouwen fan griente en fruit. Hy fertelt welke gewassen hy ferbout en hoe't se groeie. Jan lit foto's sjen fan syn geweldige tún. Joris is ek gek op de natuer, krekt as de túnker en dêrom hinget er oan syn lippen. Túnker Jan fertelt ek noch oer wat hy mei it ôffal fan syn tún docht. Want asto de gewassen fan de tún opytst, hast ek ôffal, lykas it klokhús fan in appel of it stronkje fan de brokkoli. Hy fertelt datst dêr kompost fan meitsje kinst. Hy leit de klasse út datst kompost wer brûke kinst om de gewassen better groeie te litten en hy lit in tal foto's sjen fan syn eigen kompostfabryk.

Nei in skoftke is túnker Jan klear mei syn ferhaal en hy seit: “No komt it leukste, wy geane mei de hiele klasse nei bûten ta.” Joris wurdt hielendal entûsjast. “Wat soenen wy bûten dwaan?” tinkt er. Alle bern út de klasse dogge harren jassen oan en drave nei bûten. Fan meester Bas en túnker Jan moatte se by elkoar stean gean om in stikje grûn hinne. De bern snappe der neat fan, wat moatte se dêr no wer mei. Dan fertelt Jan dat de bern hjir harren eigen tún fan meitsje sille. “En der komt ek in eigenmakke kompostfabryk by!” seit hy der achteroan. De bern begjinne te springen en te roppen: “Wat is dit leuk sis! In eigen túntsje om sels griente en fruit te ferbouwen.” Joris is ek hielendal entûsjast, syn gelok kin net op. Thús ha se spitigernôch gjin romte foar in grientetúntsje, mar no hat hy der ien op skoalle. Jan seit: “Ik ha allegear ferskillende siedsjes fan gewassen meinommen en jim meie der allegear in pear útsykje en yn de grûn stopje, sa krije wy skylk as it goed is 28 gewassen yn dit túntsje.” Túnker Jan docht foar hoe’s t siedzje moatst en dêrnei meie alle 28 bern harren eigen siedsjes yn 'e grûn stopje. Barbara kiest rabarber en Priscilla prei.

Doede, Fonne en Wybren, trije klasgenoaten fan Joris, meie de siedsjes dêrnei wetter jaan. “De planten moatte alle dagen in bytsje wetter h,” leit Jan út. “Dêr sille wy in roaster foar meitsje, dan meie jim om de beurt,” seit meester Bas. “Der moatte ek noch in pear handige bern komme om it kompostfabryk te meitsjen,” seit Jan. Daliks stekke Joris, Saartje, Daan en Tim harren finger op. Sy geane mei Jan nei it handenarbeidlokaal om it kompostfabryk te meitsjen.

Nei in middei timmerjen en seagjen is de kompostbak klear. Saartje en de jonges litte him oan de klasse sjen en sette him dêrnei by it túntsje. “Al it grienôffal moatte jim dus bewarje en yn it kompostfabryk goaie, dan ha jim oer in skoftke sels dong makke foar jim gewassen,” seit Jan. Nei skoaltiid sjocht Joris noch efkes by it túntsje. Hy is tige grutsk en kin net wachtsje oant syn plantesiedsjes begjinne te groeien. As hy thús is fertelt er yn geuren en kleuren oan mem oer it túntsje en it kompostfabryk. Joris fertelt ek oer syn siedsjes: “Oer twa of trije moanne kinne wy lekker slaad ite, mem.” Dat fynt de mem fan Joris in moai foarútjoch en se fynt it fijn om Joris sa bliid te sjen. Alle dagen sjocht Joris efkes by it túntsje. Nei in skoftke komme de earste griene puntsjes al boppe de grûn út en ek de kompostbak wurdt hieltyd foller. It túntsje fan de klasse is in grut sukses!

Nei in pear moanne hâldt de klasse in grutte oogst (rispinge). Alle heiten en memmen, pakes en beppes, broerkes en suskes binne útnoege om it túntsje te besjen. Natuerlik is Jan de túnker der ek by. Hy is tige bliid om te sjen dat it sa goed giet mei it túntsje, want dat betsjut dat de bern der goed foar soarge ha en dat it kompostfabryk prima wurket. Nei't eltsenien it túntsje besjoen hat, kin de oogst begjinne. Yn groepkes fan trije meie de bern harren gewassen fan it túntsje helje. Se krije help fan Jan en sa giet it hielendal goed. As eltsenien syn of har gewas binnen helle (rispe) hat, kinne se in lyts bytsje fan de griente priuwe. De rest giet mei nei hûs ta fansels. Dy jûn ite Joris en mem lekker fan it sels ferboude slaad. It is hearlik! En it aldermoaiste: de mem fan Joris fertelt dat se in folkstúntsje oan de râne fan de stêd kocht hat. Sa kin Joris noch mear gewassen ferbouwe en kompost meitsje. Syn gelok kin net op!

